

Mei sún âld wurde  
moat men  
jong begjinne

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## Dorpscoördinator neemt afscheid

Rol van dorpsbewoners  
steeds belangrijker bij  
maken nieuwe plannen  
pagina 3 >>



## Buitenspeelplaats voor de Boefjes

'Pjutterboartesplakken yn  
seis doarpen op de wip  
en dêr heart Hilaard ek by'  
pagina 5 >>



## Eilandje voor de vogels op Skrok

Natuurmonumenten wil  
het gebied voor vogels zo  
aantrekkelijk mogelijk maken  
pagina 15 >>

## Reinde it dan yn Jorwert? Neat fan fernommen



Foto: Barbara Jonkers

Troch Hinne Bokma

Pyt hie sein dat it op in pear spatjes nei wol droech bliuwe soe. En ek de buienradar hie gjin minne berjochten yn it foarútsjoch. Dus it koe wol wêze en it bestjoer fan it iepenloftspul joech dêrom grienljocht foar de premjêre fan It feest. Mar dy pear driepkes, dy't ús waarm foarspeld hiene, waard letter op de jûn in flinke bui. En it soe net wer droech wurde.

Dweiltrochwiet diene de spilers fan Jorwert wat der fan harren ferwachte waard. Spylje. En hoe. Wat in talint dêr yn de notaristún. Wat in aksje. Mei troch it draaiende poadium wie der gjin momint efkes neat te beleven. Handich waard gebrûk makke fan de situaasje. De spilers gliden sels oer it toaniel. Oardel oere lang sieten de minsken op it puntse fan de stoel. Reinde it? Neat fan fernommen. Pas nei ôfrin fan de foarstelling

krigen de Jorwertgongers yn de smizen hoe wiet se wol net wiene. Jorwert spilet dit kear in bysûnder stik mei net in maklik tema. Mar Jorwert lit sjen ek soks oan te kinnen. It giet om in oersetting fan de film Festen fan de Deense regisseur Thomas Vinterberg. Hoteleigner Hylke (Douwe de Bildt) wurdt 65 en pakt út mei in grut feest. De twa soannen Christian (Wiebe Koldijk) en Marten (Wybo Smids) en dochter Hiltje (Doete Stene-

kes) binne der ek by. De âldste dochter hat har sels tekoart dien en dat leit in skaad oer it feest. It wurdt net in feest sa't we dat wend binne. Christian docht in boekje iepen oer de tsjustere kant fan syn heit. Hy wurdt beskuldige fan ynsest. „Dochs is It feest net allinne in ferhaal oer de frustraasje, wraak en ôfreckening. Hoe tragysk en dramatysk alles ek is, der is in grûntoan fan leafde en hoop. Dy moatte je inkeld even

fine”, skriuwt regisseur Tjerk Kooistra yn it boekje, dat de besikers foarôf krije.

En dan noch even oer de rein op de jûn fan de premjêre. De iene spiler wie nei ôfrin wat kâlder dan de oare. Mar de spilers waarden nei ôfrin waarm fan it entúsiasme fan it publyk. En ek de ûntspanning en ûntlading joegen waarmte. Binne der noch kaarten? Net stinne, der hinne.

**Bij coop**  
bent u de baas.

Meamerterdyk 5 • Winsum

zie pagina 2

## TAX FREE ACTIE

Do. 2 en vr. 3 septimber  
19% KORTING OP SPEELGOED

Warenhuis Van der Velde  
Wommels

**TOP 1 TOYS**  
nummer één in speelgoed

**KIJK VOOR  
DE NIEUWE  
FOLDER OP:**

WWW.KOOPJESHALWOMMELS.NL

**koopjeshal  
wommels.nl**

**'t Kappershûs**

De Finne 2 Mantgum 058 - 250 1575. www.kappershuis.nl

Zon, Zee en strand? Heerlijk, maar niet voor uw haar!  
In september een kuurbehandeling inclusief knippen € 22,50

## Optocht yn Easterlittens



De filmopnamen, dy't op it stuit plak fine yn Easterlittens, ynspirearren de optochtbouwers. It tema fan de optocht wie dit jier 'wetter', mar dat hawwe de Easterlittensers hiel rom opfetten. De jierlikse optocht is altiten it hichtepunt fan it doarpsfeest. In oar ûnderdiel fan it feest wie de wetterwilleseiskamp. Om dat slagje te litten waard de iisbaan ûnder wetter setten.

Timmer- & Aannemersbedrijf  
**Van Ruiten**

Van Sminialeane 50, 8731 BH Wommels  
Tel: 06-24629763, Fax: 0515-33 17 54